

## PARSEBERJOCHT

Marten Hepkes Bakker: Dan krije ek de fûgels dien – Gedichten

Yn in minderheidsliteratuer, dêr't war dien wurdt om elke snipel papier te bewarjen en op te poetsen as weardefol erfskip, bart it net faak dat in dichter dy't noch mar in ieu lyn hiel populêr wie út folsleine ferjitnis omheechlutsen wurdt. Wie der dan wat mis mei it wurk fan Marten Bakker (1848-1927), of, om't yn minderheidsliteratueren de persoanlikheidskultus sterk wêze kin, mei de man sels, is de logyske fraach dy't gearstaller en ynlieder Abe de Vries him stelt—en beânderet mei in prachtige kar oan muzikaal, sjarmant, en hjir en dêr fisionêr wurk.

As tsjin 1880 de earste gedichten fan Bakker ferskine is elkenien noch in dichter, dichtsjen is noch net elitêr en wol polityk. Literatuer is noch bedoeld om de boarger te beskaven, god is noch yn de literatuer te finen en poëzij wurdt noch foardroegen. Tagelyk is de romantyske sucht nei it heldhaftich ferline der al, likegoed as it omtinken foar it aktuele deistich libben. Dy literêre omstannichheid wjerspegelet him yn Bakker syn eigensinnige oergong nei de moderne poëzij, dy't benammen de tematyk oangiet, fan it ideale en abstrakte nei it hjir en no, mar úteinlik ek de taal treft mei betinken. Sa skriuwt Bakker tsjin it dimpingsplan fan de Ljouwerter grêften: “En om't der grif ek wol guon binne / dy't it selsbelang fierste slim driuwt, / is 't dat men tsjintwurdich oan 'e krante / dy dimpingsartikeltsjes skriuwt.”

In konstante yn Bakker syn ûntjouwing is syn sterke lyryk. Sensuele ferbylding, ûnthâldberens, hast spektakulêre ûntsnappingen út it skema en selsûndersyk oant nuodlike djipten kompletearje in oanstriid ta kompleks subjekyf neifiskjen, sûnder reducearje te wollen ta in simpele ekspresje. “Stiene 'r blommen op myn wei: / 'k seach der faak net ienris nei. // Nocht en wille ha 'k rju smeitse, / 'k hie 't yn folle dingen rom.” Tema's binne yn 't earst fergonklikens, eksistinsjele iensumens en de treast fan skientme. Geandewei komme de grutte konflikten boppe: de wearde fan it earmoedige, dus as sûndich sjoene libben, de hopeleaze want troch de tsjerke stave sosjale ûngelikens, en de natuer as godlik wêzen —“En dan sieten wy tegearre / redekâltsjend oer Natoer. / Lieten elkoar fragen hearre / oer in wyslik Albestjoer”—dy't weifeegd wurdt yn namme fan foarútgong.

Narrative poëzij, deistige ferhalen ferteld fan it perspektyf fan de tsjûge-ferteller út, moat it hawwe fan dy syn yntelliginsje en belutsenens. It soms omtrint obsessive partisipearjend observearjen fan Bakker wurdt oannimlik makke troch syn keale, fan dichterlike middels as simile en metafoar ûntdiene taal. Net allinne drukt dat earlikheid en yntinsiteit út, mar ek wurdt it omtinken beheind ta de klankpatroanen yn 'e utering, dy't Bakker nea mei klam mar altyd raak tapast. As er dan ris ekspresive taal brûkt, treft er dermei sûnder mear syn doel: “Sjuch sjuch, in auto foar de doar, / dat heart by 't frjemde nije. / By ús stie der doe in dongwein foar, / yn soks siet poëzije.”

Bakker syn poëzij is fris, krêftich, in hiel eigen artikulaasje fan de spanning yn de ynderlike en de objektive wrâld en dat yn natuerlike, floeiende taal.

Auteur: Abe de Vries

Titel: Marten Hepkes Bakker: Dan krije ek de fûgels dien – Gedichten

Utgjower: Grotesk, Amsterdam, desimber 2016

ISBN: 978 90 825762 2 1

Priis: € 12,50

Friduwih Riemersma

Boomstraat 32d

1015 LC Amsterdam

020 693 86 31

friduwih@gmail.com